

XK 4

Gemeente fan ús Hear Jezus Kristus,

As minsken elkoar tsjinkomme dan groetsje se mekoar. Tominsken at it goed is. It is fansels ek faak genôg sa, dat minsken mekoar tsjinkomme en de groetnis net utsprutsen wurd. At relaasjes en freonskippen tusken minsken yn'e war binne, at minsken mei elkoar yn ûrmin en rûzje libje, dan bliuwt in groetnis wol ris út. Mar at it goed is dan begroetsje minsken elkoar as teken fan it feit, dat minsken yn dit libben net sûnder mekoar kinne; wy binne ús hieltiid wer bewust, dat wy net as ienlingen troch it libben gean kinne.

Wat is einliks in groetnis?
As ik immen begroetsje dan besykje ik dermei om de ôfstân dy't er fan natuere is tusken minsken te oerbrêgjen en om sadwaande kontakt te lizzen mei de oar. It bliuwt fansels altyd ôfwachtsjen, hoe't de oar derop reageerje sil, want dat is ek wer ôfhanklik fan at men wat mei mekoar opsjitte kin.

Der binne uteraard ferskillende soarten fan groetnissen. At minsken mekoar alle dagen wer tsjinkomme, dan begroetsje se mekoar oars as at je mekoar yn jieren net sjoen hawwe. En derneist is it sa dat we in buorman of dorpsgenoat yn'e regel mei wat mear ôfstân begroetsje, dan bygelyks in goeie freon of in hecht famyljelid.

Wer't ik graach earst op wize wol, dat is, dat in groetnis altyd mear wêze wol dan allinich mar kontakt lizze. Dat wurd miskien wol wat begryplicher at ik siz, dat in groetnis tagelyk in winsk is. At wy sizze goeie moarn of goeie middei of at wy mekoar lokwinskje, dan is de groetnis dy't wy útsprekke tagelyk in oprjochte winsk nei de oar ta. Dat meie wy tominsk mar hoopje, dat dy goeie winsken oprjocht binne.

En yn dizze dagen, yn dizze feestdagen binne it wer allegear goeie winsken tusken minsken. Mei de Krystdagen winskje wy mekoar frede ta troch alle Krystkaarten en aensen mei Ald en Nij begroetsje wy mekoar en winskje wy iedrien dy't wy mar tsjinkomme lok en seine yn it nije jier. En dan sprekke wy in groetnis út dy't tagelyk in oprjochte winsk wêze wol.

En fan de feestdagen fan it jier stap ik dan oer nei de tsjerkelike feestdagen en nei de ferskillende periodes yn it tsjerkelik jier. En dan sjoche wy, dat dy feesten en periodes allegear te krijen hawwe mei in groetnis. Elk feest hat syn eigen groetnis yn'e bibel. Net allinich groetsje minsken elkoar, mar blykber wol God ús begroetsje yn ús libben.

Sjoch mar nei it Krystfeest; der wurde wy troch in koar fan ingelen tasongen mei de groetnis: Ere oan God en frede op ierde. In groetnis dy't tagelyk in winsk wêze wol!

En ek by it feest fan Peaske klinkt in groetenis. At Jezus sels, nei de ferrizenis Maria tomjitte komt en sy herkint Him net, dan seit Jezus trije kear: Frede mei by dy wêze!

En dan sjoch ik fierder nei it Pinksterfeest.

287

Ek der sjoche wy in groetnis tusken God en de minsk. Mei it grutte feest fan de hilliche geast is it sels sa sterk, dat de groetnis fan God, dat is it bliid boadskip fan Jezus Kristus, sa sterk dat de groetnis fan God klinkt yn alle talen. Mei oare wurden: der is gjin minsk dy't dizze boadskip net ferstean kin, eltsenien kin it ferstean en der hoecht gjinien to wêzen dy't fynt dat hy of sy oerslein wird.

Yn de tiid foar Peaske, yn de Lijdenstiid, is it mei de groetnis ynienen hiel oars. Yn dy tiid fan it tsjerkelik jier steane wy stil by de brutsenheit en de grutte betreklikheit fan dit libben en realiseere wy us, dat dit libben mar eindig is. Yn de tiid foar Peaske, dan ferstilt us lofsang en us groetnis; dan falle wy op 'e knibbels foar God del, en kinne wy allinich noch mar bidde: Kyrie-eleison, Heare God ûntfermje Jo oer us.

Want mei dy wurden begroetsje wy God fanút de pine en it leed fan dizze wrâld: Hear ûntfermje Jo. Sa is it omers hieltyd at wy yn dit hûs byinoar komme, dan komme wy foar God en begjinne mei it Kyrie-eleison.

En dan kom ik by de tiid dy't wy Advint neame. De tiid weryn wy wachtsje op de komst fan Kristus. En ek no yn dizze Advintstiid draait einliks alles om in groetnis, en dan yn it bisûnder de wize werop wy God begroetsje yn us libben. Want dat is omers de fraach der't wy fanemoarn mei begûn binne: Yn gesang 117: "Hoe kom ik Jo tomjitte?" Dat is de grutte fraach fan Advint.

En de groetnis fan God dy't derbei heart hawwe wy lêzen by Paulus, at hy seit: "De Heare is tichteby!" Dat is de groetnis fan Advint.

De brief dy't Paulus skriuwn oan de Fillipiers is in bisûnder freonlike en hertlike brief. Blykber hat de relaasje tusken Paulus en dizze gemeente tige goed wêst. Hear mar hoe't hy yn it begjin skriuwt: "Ik bring tank oan God, sa faak as ik oan jimme tink, as ik foar jimme bid, doch ik dat mei bliidskip, om't jimme meidien hawwe oan it bringen fan it bliid boadskip." En in skoftsje letter skriuwt hy: "God kin derfoar ynsteat, hoe'n langst at ik nei jimme hawwe." Want Paulus fielde him belutsen by de muoiten dy't de Fillipiers dwers sieten.

It is yn dizze brief foaral de kristelike bliidskip der't Paulus de kiam op leit. Want it is krekt dizze bliidskip fan it geloof, dy't yn Fillipi bedrige wurd. De bliidskip en de mienskip fan dizze gemeente stiet ûnder enoarme druk fan minsken bûten de gemeente dy't kritisch steane tsjinoar de jonge gemeente, en derneist binne der ek yn de gemeente sels ferskillen fan miening, wertroch minsken net mear oan bliidskip ta komme.

En Paulus besiket de Fillipiers te bemoedigjen troch te sizzen dat se net tajaan moatte oan dy druk fan oaren, mar dat se hieltiid wer byinoar komme moatte en lêze fan de wurden en deden fan Jezus, om dertroch goed sicht to krijen op hoe't men as Kristen libje moat. Want, sa seit Paulus: "Jimme ferlossing is tichteby!"

Yn dyselde wurden hie ek Jezus sprutsen, flaf foardat Judas him ferriede soe: Jezus sei: "Der sille fremde dingen barre mei de sinne, de moanne en de stjerren. Op ierde sille de folken yn grutte need sitte, en net witte hoe't se ûntkomme moatte oan 'e bolderjende en skomjende see. En dan sille se de Minskesoan

kommen sjen op in wolk mei grutte macht en majesteit. Wannear't dat allegear begjint, kom dan oerein en stek de holle op want JIMME FERLOSSING IS NEIOAN!"

En der hearre wy: De groetnis fan Advint. De ferlossing is neioan; de Hear is tichteby.

"God is tichtby minsken", sizze wy yn tsjerke faak.

Mar dat is doch mar in muoilikke saak. It tsjinoergestelde fan tichteby wêzen is, dat immen fierôf is. En der kinne wy us al hiel wat mear by foarstelle, dat God fierôf is fan minsken. Want sa is doch de ervaring fan in hiel protte minsken, dat God net tichteby is, mar fierôf. It is soms krekt as hawwe de minsken ûnderinoar in stilswijende ôfspraak makke: "God is net tichteby". En der gjeane wy dan foar it gemak mar fanút.

En yn'te tsjerke en yn it geloof filosofeare wy dan mar restig fierder oer in God dy't der wol is, mar dy't himsels ferbergt foar us. En dan prate theologen oer de ferburgen oanwêzichheit fan God. En dan klinkt dat allegear wol mooi en geheimsinnich, mar begrype doche wy dat net.

Ik tink dat wy ien wezen dan de saak fan de ferkearde kant besjogge. Want at wy goed redeneare, dan is net God, mar dan binne wysels de ôfwêzichen. Dat wol sizze: At it derop oankomt dan doarre WY deagewoan ús gesicht by God net sjen to litten. God is net ôfwêzich yn ús libben, nee, wy binne ôfwêzich yn Syn Keninkryk!

Toch bliuwe minsken faaks sitten mei it benauwde gefoel, dat God net tichtby minsken wêze soe. En it is dan wer Paulus dy't ús in alternatyf oandraacht. Want seit hy: "Sit nearne oer yn noed, mar meitsje yn alles jimme winsken bekend by God, troch bidden en smekjen, mar noait sûnder Him tank to bringen!"

Paulus wol ús der hjir op wize, dat de angst dat God net tichtby is, yn wêzen komt troch in passieve hâlding. En derom ropt hy op om der in aktiefe libbenshâlding op nei to hâlden.

Sa seit Paulus moatte jimme God aktief tomjitte komme en Him jim winsken bekend meitsje. En dan sil God sels jim antwurdzje mei de wurden: Ik bin by dy! De groetnis fan Advint.

Sa komt God ús hjoed tomjitte mei de groetnis fan Advint yn de wurden: Wês do mar net benauwd, want ik bin by dy!

At God sels ús sa groetsje wol, hoesa sille wy dan noch neilitte om Him romte te jaan yn ús libben?

Hoesa sille wy dan net it wisse foar it ûnwisse kieze en lûdop meielkoar ôfprate, dat God tichtby is? Want sa lêze wy doch op alle bledsiden fan it evangeelje?

At wy yn dat evangeelje lêze hoe't God by minsken wêze wol, hoesa soene wy dan net geduld en liuwen hawwe yn plak fan angst en fertwifeling?

At ús doch Jezus sels sein wurd dat ús ferlossing neioan is, hoesa soenen wy der dan noch fraachtekens by sette wolle?

Ik kin my sa goed foarstelle hoe't de gemeenteleden yn Fillipi byinoar kommen binne op it bericht dat der in brief fan Paulus kommen wie, en hoe't se byinoar kommen binne yn ien fan de gruttere huzen fan de stêd en hoe't se mei oandacht lustere hawwe nei de wurden fan Paulus dy't foarlêzen waren. En hoe't se dy bemoedigjende wurden fan Paulus yn harren hert opnommen hawwe en hoe't se der letter oan tocht hawwe en moed ut helle hawwe.

285

Litte wy dan op dyselde wize de groetnis fan Advint yn us hert meidraache. En herinnerje dy dy wurden ast op in moment stieste dast it net mear wist. Herinnerje dy dy wurden ast dy allinich fielst of bedroefd. Herinnerje dy dy wurden: De Heare is tichteby, ast dy ôrwiist fielst, of at men dy yn 'e ste(e)k litten hat. Herinnerje dy dy wurden fan Advint ast op drege kruspunten stieste, of ast foar heeche drempels komst to stean. Herinnerje dy dy wurden: Want de Heare sels is dy tichteby. De Hear sels is by dy.

Want dat is no Advint. Dy ferwunderje dat God sa ticht by minsken komt dat dyn libben troch Himsels oanrekke wurd. Dy ferwundering bringt ús yn 'e stemming foar it Krystfeest.

Niis haw ik sein: Minsken begroetsje mekoar en God jout ús de groetnis fan Advint. En deryn heare wy dat at God yn ús libben komt, dat dat gefolgen hat foar ús libben meiinoar. Want it evangeelje ropt ús hieltiid wer op om dy groetnis fan Advint troch te jaan. Dy meie wy net allinich mar foar ussels halde, mar dy moatte wy trochjaan oan oaren.

Wy meie en moatte tsjin oaren doarre te sizzen: Wês do mar net benauwd, want asto pine hast, of asto bedroefd bist, of asto dy allinich fielst, wat der ek mei dy is, ik bin by dy! Lit dat ús evangeelje wêze foar dizze leste Advint.

Ut de groetnis fan God meie wy de kreft helje om in groetnis fan Advint ut to sprekken nei eikoar ta. "Ik bin by dy!"

Paulus wie, sa't hy dat sels sa mooi seit, oangrypt troch Kristus, en ek al sille wy nooit hielendal begrype wat der allegear yn dat evangeelje stiet, litte wy toch ek yn Gods namme oangrypt wêze troch it libben en stjerren fan Jezus, en lit ús hoopje en bidde dat wy Him nooit wer los litte sille, en dat God nooit wer ut ús libben weigean sil. Dat Hy sels by us bliuwe sil yn alies en yn alle tiden.

Advint, dat is: Dy ferwunderje oer libben mei God. Lit dan yn ús libben it geduld en it geloof sterker wêze as alle twifel en angst dy't ús oerfalle kin.

Want de Hear sels is by dy!

AMEN